



GROETNIS ÚT VOGELENZANG
(GROETEN UIT VOGELENZANG)

Tragi-komeedzje ienakter

door

JACQUES VRIENS

Fryske oersetting fan

Siep Jorna



TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GROETNIS ÚT VOGELENZANG – GROETEN UIT VOGELENZANG** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JACQUES VRIENS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2011 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Meneer van Serooskerke

Meneer de Bont

Mefrou de Bont (Suus)

Mefrou Kempe

DEKOR:

Hal fan in âldereintehûs.

(It toaniel is in hal fan in âldereintehûs, mei in sitysje. By it sitysje stiet in palm of sokssawat. Frou Kempe sit op de middelste stoel. Se is dúdlik net mear sa helder. Se stoarret earst wat foar har út. Dan makket se har taske iepen en mompelet mar wat, se is bot yn harsels keart. Se leit it guod op 'e tafel en telt alles. It is allegear wat ûndúdlik guod, wat se op 'e tafel leit. Dan hellet se in foto yn in listke út har tas en set dy foar har del. Ynienen ferskynt der in glimk op har gesicht. Se sjocht leafdefol nei de foto, pakt him fêst en streaket de foto. Dan docht se alles wer yn har tas. Wylst komt van Serooskerke op en giet sitten)

Van Serooskerke: *(dúdlik ien fan bettere komôf, type fûterkont)*
Goemoarn mefrou Kempe. *(se reagearret net)* Moatte jo no doch es sjen. Dêr by de doar fan de rekreaasjeseal. Se steane der wer. Elke dei wer. Sjoch dat no es, dat gedrang dêr foar dy doar. Dat in mins him sa ferleegje kin, as er âld wurdt... *(sjocht nei har, mar se reagearret net)* Ik sei, dat... *(suchtet en lûkt oan 'e skouders. Wol noch in kear wat sizze, sjocht nei frou Kempe en jout it dan op. Stilte. Dan komt de Bont op. Rint muoisum, mei in stôk)*

De Bont: *(in folks type, fleurich, gesellige jeuzel, wol yn foar in grapke)*
Moarn Serooskerke.

Van Serooskerke: Ja, wy witte wol dat it moarn is, de Bont

De Bont: *(docht as heart er it net)* Moarn frou Kempe.

Van Serooskerke: Je krije gjin kontakt mei har hjoed. Se hat it gehoarapparaat wer es net yn. Besykje dan mar es te kommunisearjen mei har...

De Bont: Watte?

Van Serooskerke: *(sjocht him minachtsjend oan)* Kommunisearjen de Bont. Kontakt meitsje. *(de Bont giet sitten. Frou Kempe sit tusken de beide mannen yn)*

De Bont: At se dat ding net yn hat, dan is se sa dôf as in klyster.

Van Serooskerke: Kwartel, de Bont, sa dôf as in kwartel.

De Bont: *(reagearret net op van Serooskerke en sjocht nei de doar fan 'e rekreaasjeseal)* Se steane der wer. En dat allegearre omdat se sa nedich by it rût sitte moatte by it brea iten.

Van Serooskerke: Lunch, de Bont, lunch.

De Bont: *(laket)* Moatte je no dy âlde de Vries es sjen. Stiet my dêr as in kolonel foar de doar fan de rekreaasjeseal. At juffer Tsjikke daalk de doar iepensmyt, krijt er him sa tsjin 'e rêch. Soe er dat net yn 'e gaten ha? Ien moat him even warskôgje... At dy doar daalk...

Van Serooskerke: Lit doch gean, de Bont, dat is goed foar syn hernia...

De Bont: Jo binne wer it sintsje yn hûs, hjoed van Serooskerke. Wat sizze jo der fan, frou Kempe?

Van Serooskerke: Dy seit hjoed neat. (*stilte*)

De Bont: Sis, van Serooskerke, witte jo al dat de kofje wer djoerder wurdt? De frou hearde it fan dat minske fan nûmer 28 by ús op 'e gong. Dy wie justerjûn even op it sikesealtsje, even op besite by de man fan frou Kempe hjirre... (*bûcht him nei van Serooskerke en flústert*) It giet hielendal net goed mei dy âlde Kempe...

Van Serooskerke: Jo hoege net te flústerjen, de Bont.

De Bont: Dus se wie even op besite by dy âlde Kempe, har man dus en dêr wie juffer Tsjikke fan de rekreaasjeseal ek. (*mei klam*) De kofje wurdt 10 eurosint djoerder. Dat moat fan de direksje, hat se sein. Beslissing fan hegerhân, sis mar. No, elk hat it der al oer, by ús op 'e gong. Goed, je kinne fansels op je keamer in bakje kofje sette, mar je sitte de hiele dei al tsjin de frou oan te sjen. Wat hast mekoar noch te melden nei al dy jierren. In bakje kofje yn 'e seal is sa'n bytsje it ienichste útsje wat ik ha en no meitsje se de kofje in dûbeltsje djoerder. De hiele gong hat it der oer...

Van Serooskerke: Dy âlde nuten moatte bliid wêze dat se moarns noch wekker wurde. En se moatte hielendal bliid wêze, dat se noch kofje drinke meie. Ik mei it net mear ha fanwege de mage.

De Bont: (*laket*) Dat is sa, van Serooskerke. Ik bin bliid at ik moarns wer wekker wurd en myn Suus noch sykheljen hear. Der binne hjir genôch yn dit hûs, dy't nachts gjin each mear ticht dogge, omdat se bang binne dat se net wer wekker wurde. (*laket him slop, van Serooskerke reagearret net*) Kom op van Serooskerke, net sa tryst. As in mins net mear laitsje kin, dan stiet er al mei ien foet yn it grêf.

Van Serooskerke: Doe de frou noch libbe, ha wy it der faak oer hân, om hjir wei. At wy der net better oan dwaan soene, psychologysk sjoen, nei in oar âldereintehûs te ferhûzjen. Nei in âldereintehûs, dat net sa propfol sit mei geriatrieske gefallen, as hjir. De frou waard der hielendal tryst fan.

De Bont: No, dy fan my net. Suus is in allemachtich libben minske. Dy hat it hjir poerbêst nei 't sin.

Van Serooskerke: Libben? Ja. Se is libben, at libben teminsten itselde is as lûdroftich en at lûdroftich itselde is as libben. Dat jildt ek foar dy, de Bont.

De Bont: Ik kin it allegearre net mear folgje. Hoe segriniger asto wurdst, hoe yngewikkelder asto praten giest, van Serooskerke.

Van Serooskerke: Foar dy bin ik "jo", de Bont, "jo".

De Bont: Hâldt doch op mei "jo" kapsoanes, van Serooskerke. Hjir binne wy allegearre gelyk.

Van Serooskerke: (*skodhollet en suchtet*) De frou woe hjir ek wei omdat it nivo har net oan stie. De frou hie alluere. Se paste hjir net tusken dit... eh... folk...

De Bont: Se siet oars mar wat graach by de oare froulju yn 'e seal te kofjedrinken, mei al der alluere. En de bingo, dêr die se ek altyd oan mei. Ik doar te wedzjen dat, at se der noch wie, se ek protestearre hie en ek oan 'e hantekeningaksje meidien hie.

Van Serooskerke: Hantekeningaksje?

De Bont: Tsjin de Kofje. Myn Suus hat alle froulju bewurke. Se binne der allegearre op tsjin dat de kofje in dûbeltsje omheech giet. Ik ha de nammen fan alle manlju... (*hellet listke út 'e bûse*) At elkenien tekene hat, dan bringe wy it by de bewennersrie. No, dan betinkt de direksje him wol. Hjir, van Serooskerke, do hast noch net tekene. (*lêst foar*) ûnderskreaunen, bewenners fan âldereintehûs Hiddemastate, ferklearje tsjin de priisferheging fan de kofje te wêzen.

Van Serooskerke: Ik doch net mei.

De Bont: Do hast hjoed dyn dei net, hê, van Serooskerke?

Van Serooskerke: Nee, ik ha myn dei net. Ik ha myn wike net, ik ha myn moanne net en ik ha myn jier net, sûnt ik hjir yn dit spoekhûs sit.

De Bont: Mar dêrom kinsto doch wol meidwaan oan 'e aksje?

Van Serooskerke: Nee, want ik mei gjin kofje ha!

De Bont: Do moastst wol wat solidêr wêze. 'Makkers sluit de rijen, hand in hand ten strijde voor'...

Van Serooskerke: Ik sei, dat ik net mei doch, de Bont!

De Bont: Mar dit is noch mar it begjin. Earst de kofje, nije wike de tee...

Van Serooskerke: Mei ik ek net...

De Bont: ...dan de jenever... (*Van Serooskerke djippe sucht*) Ek net dus. No, ik soe it wol witte. Dan mar earder yn 'e houten overall, ik lit my myn buorrel net ôfpakke.

Van Serooskerke: Do spilest mei dyn libben, de Bont.

De Bont: Dan mar al. Kinne se op myn grêf sette 'Hij heeft er van genoten'...

Van Serooskerke: Hasto noait in minne dei mei dy skonk fan dy?

De Bont: (*kloppet op 'e skonk*) Fansels. Fan 'e moarn koe ik it bêd net út. Suus hat wol in kertier mei my ompankoeke. Doe hat se de suster der mar by roppen. Dy lytse mei dy grutte eagen. Binnen twa minuten rûn ik wer as in ljip troch de keamer. (*laket*) No ja, as in âlden ien dan. (*wriuwet oer de skonk*) Hy docht hjoed ferrekte sear, mar witsto wat ik dan tsjin mysels sis? Kom op, âlde. Hjoed even troch de pinegrins, dan fieltst dy moarn in stik better.

Van Serooskerke: Do hast oeral de gek mei, de Bont.

De Bont: Dat ha ik ek, ja. Ik sei fan 'e moarn tsjin de suster, jou der mar in tútsje op, suster. Dat die ús mem destiids ek altyd, as ik fallen wie en de knibbel stikken wie.

Van Serooskerke: Dat sil no wol net safolle mear helpe, de Bont. Asto âld bist, is en bliuwt sa'n knibbel stikken. Dan kinsto noch safolle susters roppe...

De Bont: (*lilk*) Fergeemje, Serooskerke, wat bisto doch in sek segryn!

Van Serooskerke: Van Serooskerke, de Bont, it is van Serooskerke!

De Bont: (*fel*) Van segryn, silst bedoele! Ik wit dat ik in âld wrak bin en dat bisto ek, van Serooskerke. Mar do silst my it rjocht net ûntnimme, om te tinken: moarn fiel ik my better, moarn fiel ik my ferdomme better.

Van Serooskerke: Do wurdst agressyf, de Bont.

De Bont: No, en?

Van Serooskerke: By in man is dat it earste teken fan senilens. En tusken senilens en âlderdom bestiet minder korrelaasje dan minsken tinke. It hat te krijen mei de tastân fan de slachieren yn 'e harsens, de grutte fan de cerebale arterosclerose en hoe fier dy al is.

De Bont: Tink do mar om dyn eigen ferdomme slachieren!

Van Serooskerke: Yn sommige streken begjint de senilens al ûnder de sechtich, trochdat de bloedsomloop yn 'e harsens opkeart wurdt en de harsenssellen ûnderfuorre reitsje. Dan feroarje se yn tipelsinnige, eksintrike âlde minsken. Net yn in bepaalde âldens, mar by min ofte mear ferkalking of fetôfsetting yn 'e harsenskwabben.

De Bont: Senilens begjint mei seikpraatsjes, asto it my fregest. Do moatst ophâlde mei al dy tryste rotstikjes te lêzen yn 'e Reader's Digest (*hy seit 'Rieder diggest'*) en dat rare medyske hânboek, moatst yn 'e ôffalkontainer smite.

Van Serooskerke: Kom no, de Bont. Wy moatte de realiteit net út it each ferlieze. De meander mei de grutte seine leit op 'e loer. Nim no dy âlde Kempe fan har hjir. Ferline wike siet er hjir noch syn ûnsmaaklike moppen te fertellen en no leit er foar dea op bêd...

De Bont: Net sa lûd, man! It liket wol datsto ek noch sitst te genietsjen fan in oar syn ellinde.


Van Serooskerke: Ja, it wol goed mei dy...

De Bont: Ik mien it, van Serooskerke. Elke dei, as ik ûnder kom, tink ik wer: wêr soe dy âld einekoer myn sin oan iten hjoed wer mei bedjerre? Mei it ien of oar ferhaal oer mageswolmen. Dan tink ik: wat hat er no wer lêzen yn syn medyske hânboeken. Seker wer ien of oar lulferhaal oer prostaatswierrichheden... hear my no... (laket wer es) in lulferhaal oer prostaats-wierrichheden. Dat fyn ik no leuk sein fan mysels.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto